

# DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip  
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald  
Port payé  
Baarn

ôfstj.  
A.R. Koopmans-Nieuwland  
Lindenheuvel 14  
1217 JX Hilversum

## Gearstalling Bestjoer

### Frysk en Frij Hilversum (KfK Hilversum, nûmer 32126908)

- foarsitter** : J. Kooistra 035-6218626  
**+ ledeadm.** Lutherhof 102, 1216 KV Hilversum  
e-mail: gurbe@xmsnet.nl
- skriuwer** : A.R. Koopmans-Nieuwland 035-6249624  
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum  
e-mail: kritehilversum@gmail.com
- ponghâlder** : J. Koopmans 035-6249624  
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum  
Rekkennûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**  
o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum**
- alg. adjunkt** : W. Triemstra 035-6833889  
V.d.Sande Bakhuijzenstraat 102, 1223 CZ Hilversum  
e-mail: triwa@hotmail.nl  
--
- boekeferkeap** : J. Conradie-Groenhof 035-6234733  
Banckertlaan 163, 1215 PZ Hilversum
- iterij** : Bestellingen trochjaan oan:  
Jan Kooistra, tel. 035-6218626  
(graach uterlik ien wike foarôfgeand oan 'e kritejûn)  
--
- Eareleden:**  
earefoarsitter: S. Haagsma, De Doppen 21, 8401AG De Gordyk  
earelid: H. van Duinen, De Jouwer

## Fan de foarsitter

No sa! Sa kin 't wol wer, tocht ik doe 't ik it ôfrûne wykein even in frisse noas helle. De bûsdoek waaide my hast út 'e bûse sa'n stoarm! It wie de earste en grif net de lêste stoarm dit jier.

No hie ik ferline wike it wykein wol stoarm ferwachte, mar dan mear yn oerdrachtlike sin. Want ôfrûne freed hold de wyn de azem yn: hoe soe it sneon komme yn Grou. Yn Grou? Ja, yn Grou! Dan komt Sint Piter oan op 'e Kade mei syn maat Swarte Pyt. Hy komt yn in wite mantel op in swart hynder. No binne der fan dy minsken dy't der grouwêlich op tsjin binne. Net om't it hynder swart is, mar om't syn maat Pyt swart is en soks is neffens harren diskriminaasje! Mar neffens my leit de saak even oars: as de maat fan Sint Piter net mear swart wêze mei, betsjut soks dat minsken mei in net-blanke hûdskleur Sint Piter nea wer helpe meie. En soks fyn ik no folsleine diskriminaasje! Sjesa en no sy wer. No, se binne doch mar net kommen dy sneons, dêr oan 'e oare kant fan it wetter op 'e wâl tsjin de Grouster Kade oer! It wie harren op dat plak ferline jier te kâld west...

Noch even oer it Sint Piterfeest: Sint Piterdei is altyd op 21 febrewaris en de sneons derfoar komt hy dan oan yn Grou. Dit jier is hy mei syn maat in wike earder oanlâne om reden fan de foarjiersfakânsje. At jo mear witte wolle oer it Sint Piterfeest dan binne jo

wolkom op 'e Sint Pitermiddei op sneon 15 febrewaris by it Selskip "Mei inoar ien" fan Utert/Seist. Op side 7 fan dizze Tille mear dêroer.

No hearde ik niiskrekt yn it nijs dat de lansearring fan in satellyt rjochting de sinne slagge is. Dizze 'Solar Orbiter' moat ús mear ynformaasje jaan oer ús sinne. It is de bedoeling dat dizze satellyt dêrta benammen oer de súden noardpoal fleane sil. Hawar it mei wat kostje, mar dan hat men ek wat! En in elk kin doch mei de klompen oan wol fiele dat se op dy poalen gjin snie en iis fine sille...


No hawwe wy dizze winter yn ús lân ek noch gjin snie of iis sjoen. It kin fansels noch komme. At it mar net op ús kritejûn op sneon 22 febrewaris sniejaget, want wy sjogge net graach ús leden en net-leden weibliuwen. Op tsien jannewaris wienen wy tige bliid mei in opkomst fan 31 stampôiters op ús nijjiersresepsje. It wie ek tige gesellich mei earst al in drankje en lekkere hapkes, dy't Jan en Alie Koopmans meinommen hienen. De ledegearkomste joech ek gjin swierrichheden. It die bliken dat we noch 85 leden hawwe (ien mear as ferline jier!). Fierders wurdt de ynlage takom winterskoft ferhege ta € 20 p.p. Al it oare nijs (at dat der is) fertel ik jimme graach op **sneon 22 febrewaris** mei '**Wiltsje fan Peazens**' Oant dan!

*Jan Kooistra*

## Nijs fan de boeketafel

Bêste minsken,

Dizze kear it boek "Suster" fan Margryt Poortstra. Yn dizze roman fertelt in frou dy't wurke yn 'e psychiatry har libbensferhaal oan har oerbepessizzer. Se hie in sterke bân mei har broer, lykas Wilhelmy van Gogh – dy't se ferplege – mei har broer Vincent hie. De beide susters wurde yn dizze roman tekene as susters yn 'e ferpleging, wêrfan de iene op bêd de oare oan 't bêd.



It ferhaal spilet him ôf begjin 1900, yn it psychiatrysk sikehûs Veldwijk yn Ermelo dêr't jo ek in byld krije fan hoe of 't er doe oan ta gong yn 'e psychiatry. Margryt hat sels ek yn Veldwijk wurke. Yn moaie sinnen set se skerp en djip de situaasjes del.

Yn oktober haw ik ek al oer it boek "Minskebern" fan har berjochte. Dat is net tafallich. Se set ûnderwurpen lyk as, leafde, ûnbegryp en bern, hiel moai del.

Margryt Poortstra is berne yn 1953 yn Harns. Hikke en tein yn Arum en Wytmarsum. Hjoed-de-dei wennet se yn Zeewolde.

Se hat in lange list fan skriuwen en dichten efter har. Lokkich is har pinne noch lang net opdroege. De lêste jierren skriuwt se mear religieus en liturgysk wurk.

Binne jo benijd nei dit boek, ik soe sizze "lês it" it leit op de boeketafel.

Oant sjen by de boeketafel,  
Jellie Conradie.



## In nije Fryske Bibeloersetting

Nei fjirtich jier komt der in nije Fryske Bibeloersetting. Freedtemiddei 17 jannewaris waard it projekt yn Frjentsjer presintearre.

It wie in nijgjirrige gearkomste mei bygelyks fragen oer it oersetten. Hoe modern meie jo wêze? Kin it wurd “lytsbern”, of moat it “bernsbern” bliuwe. Dat lêste grif, mar it bliuwt skipperjen tusken fan de iene kant geef Frysk en fan de oare kant wat minsken sizze en begripe. De Statenvertaling fan 1637 hat fan grutte ynfloed west op de ienheid yn it Nederlânske taalgebrûk. Sa’n ynfloed sil in Fryske bibel fan no net mear hawwe op it Frysk.

It leit yn de bedoeling om op ‘e nij de grûnteksten as útgangspunt foar de oersetting te brûken. Dat ropt de fraach op oft der genôch minsken binne dy’t én de talen fan dy âlde teksten lêze, én dan ek noch oersette kinne yn geef en begryplik Frysk. Hawar, der is in projektgroep mei in grut tal betûfte oersetters. Dat sil wol goed komme.

De Bibel kin net sûnder útlis. Dat hiene de oersetters fan de Nederlânske Statenvertaling goed begrepen. De Fryske bibel fan 1978 begjint ek mei útlis: “As wy it wurd Bibel brûke, tinke wy alderearst oan ien boek. En sa kin men it ek sjen, want it giet om it iene boadskip fan God oan minsken. It is it ferhaal fan wat Hy dien hat, docht en dwaan sil.” Fierderop wurde der bibelboeken foarsjoen fan in ynliding.

De relaasje tusken dy teksten en de bûtentalige werklikheid komt yn de ynlidingen en útlis net oan de oarder, mar wy sjogge der yn 2020 oars nei as hûndert jier lyn. Yn 1926 en lang dêrnei koe men noch diskusjes hâlde oer de slang yn it boek Genesis: hie dy no wol of net echt praat? Sa’n diskusje wurdt, útsein troch wat apartelingen, net mear fierd.

Ik bin sels grut wurden mei de Bibel, mar lykas in soad minsken fan myn generaasje sjoch ik der no oars tsjinoan as eartiids. Yn it ferline tocht ik dat Hannelingen 5 fers 29: “Men moat mear nei God as nei minsken harkje” in aardige tekst is. Dat is it net, want wy witte net wat goaden sizze. It binne minsken dy’t sizze wat goaden sizze. Mei oare wurden: dy saneamde hillige boeken as de Bibel, de Koran en de Thora binne fan alfa oant omega literatuer, troch minsken skreaun foar oare minsken.

It soe goed wêze om soks by de ynliding fan in nije Fryske bibeloersetting út te lizzen. Predikant Wim Beekman, ien fan de sprekkers, fûn dat oerstallich: “Jo hingje by in skilderij ek net in buordsje ‘dit is in skilderij’”. Dat mei wier wêze, mar meitsje dúdlik dat “Bijbelse geschiedenis” sa’t dat fak eartiids neamd waard, gjin feitlike skiednis is. It is keunst, dy’t om útlis freget, mear as in skilderij. De teksten binne der wichtich genôch foar.

Pier Bergsma

oernommen út 



FRYSK  
SELSKIP

*frysk  
en  
rij*

HILVERSUM

wy nûgje jimme út op

**Sneon 22 febrewaris 2020**



yn de grutte seal  
fan

**“Nieuw Kerkelanden”**  
Franciscusweg 137  
1216 SB Hilversum

**BEGJIN 20:00 OERE**

In ploechje fan trije folksmuzikanten komt dan ús jûn opfleurjen as

## *Wiltsje fan Peazens*

Wiltsje fan Peazens is in trio dat Frysktalige folksmuzyk spilet. De foaroanman fan it trio, Hylke Tromp, spilet fioele en fersoarget it grutste part fan de sang. Jan Willem Bleijswijk spilet gitaar en Joop de Jong akkordeon.

It trio jout geregeld kofjekonserten. De leden sjogge ‘Wiltsje fan Peazens’ as leafhawwerij en wolle dêrom gjin muzyk op kompaktskiif útbringe, binne sunich mei publisiteit en sinnich yn it kiezen fan harren optredens. Ien fan harren fêste optredens is altiten op de boekemark yn Drachten, de ôfsluting fan de jierlikse sutelaksje fan de stifting It Fryske Boek. De namme “Wiltsje fan Peazens” komt fan in personaazje út it boek ‘Siderius de Granaet’ fan Abe Brouwer.

Se binne op 28 novimber 2014 ek by ús west en dat hat tige skoan foldien. Om’t it al wer lang lyn is dat se by ús de seal op ‘e kop setten mei harren sjongen en muzyk hawwe wy se frege om nochris te kommen.

Us diskes mei Fryske boeken en iterij stean dizze jûn ek wer foar jimme klear

Wolle jo wis wêze dat der noch iterij foar jo te keap is,  
skilje dan even in wike tefoaren nei nûmer 035-6218626

Tagongspriis: Leden € 10,00  
Net-leden € 15,00

## Us kritejûnen yn it winterskoft 2019-2020

### Sneon 22 febrewaris 2020

Wiltsje fan Peazens

### Freed 27 maart 2020

Grytsje Kingma

-.-

## Fierders is elkenien ek tige wolkom

- ~ op **sneontemiddei 15 febrewaris** by it selskip 'Mei Inoar Ien' út Utert-Seist yn de Noorderlichtkerk, Bergweg 92B te Seist op harren *Sint Pitermiddei*.  
*Ynrin fan 14:00 oere ôf.*  
*Slute en wer op hûs oan om ûngefear 16:30 oere.*  
Neiere ynformaasje fia telefoannûmer 030-2318224.
- ~ op **sneon 21 maart** by it selskip 'Mei Inoar Ien' út Utert-Seist yn de Noorderlichtkerk, Bergweg 92B te Seist. Jûns treded dêr it selskip 'Hy en Sy' op mei harren teater- en muzykprogramma "*Alles op oarder*"  
Neiere ynformaasje fia telefoannûmer 030-2318224.
- ~ op **sneon 21 maart** by de 'Sékrite' yn Lelystêd yn Theater Posa.  
Jûns om acht oere treded dêr it "Hantumer Ploechje" op mei it stik '*Ekstra help op de earste help*'.
- ~ op **sneon 21 maart** om 19:00 oere by de Fryske krite 'Meiinoar Ien' yn de Catharinakapel te Hurderwyk. Yn gearwurking mei de Catharinakapel wurdt in theaterspektakel oer de skiednis fan it Skûtsjesilen hâlden.

Foarsafier't soks noch net bard is,  
soe it ús tige goed dwaan as jimme de **ynlage** (kontribúsje) foar it  
rinnende **winterskoft oermeitsje wolle op**

Rekken nûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**

o.n.f. Frysk en Frij Hilversum

De kosten binne: € 15,00 de man/frou  
€ 30,00 foar in troud pear of in stel

*mear mei fansels ek...☺*

## **Skôging: Wy binne der noch net mei it Frysk yn de rjochtspraak**

Yn 2013 hat de Twadde Keamer ynstimd mei de Wet Gebrûk Fryske Taal. Wa't tocht dat je no yn Nederlân it rjocht ha om Frysk te brûken yn de kommunikaasje mei ryksorganen komt út en troch foar de winige doar. Al earder lei de Belestingsjinst dwers en no feroft de rjochtbank yn Utert it om in brief yn it Frysk te akseptearjen.

Sa hat op dit stuit in boerebedriuw in skeel mei it Wetterskip Fryslân. De famylje is it net iens mei in boete (strafbeskikking) dy't har oplein is troch it Wetterskip. Se binne it net hielendal iens mei bepaalde saken en hawwe doe in Frysktalige brief stjoerd nei de offisier fan justysje, om beswier te meitsjen ('Ynstelle fan Ferset' sa't dy dat neamt). It adres stie yn de strafbeskikking: Parket Centrale Verwerking O.M. , Postbus 8267 yn Utrecht. "No krigen wy in brief fan it lepenbier Ministearje werom, mei dêrby ús eigen brief ynsletten, mei dêryn de tekst: "Wij verzoeken u de verzetsbrief in het Nederlands aan ons te schrijven", seit de famylje dy't yn ferset komt. En fierder: "Wy binne wat fernuvere oer dat fersyk, want wy mienden dat by it lepenbier Ministearje en/of yn de rjochtspraak wy it rjocht hawwe om dit yn it Frysk te dwaan."

Ik ha hjir en dêr wat om my hinne frege en de wet der ek nochris op neilêzen. Der binne op it stuit noch inkelde juristen oan it plúzjen oft se yn Utert it rjocht ha om in brief yn it Frysk njonken har del te lizzen. Kêst 3 fan de wet jout in beheining: "Elkenien kin de Fryske taal brûke yn it ferkear mei bestjoersorganen, **foarsafier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne**, en ek mei de persoanen dy't ûnder harren ferantwurdlikens wurkje." (fet printe *JvdB*). Yn earste eachopslach soene je sizze kinne dat se har yn Utert dêr mei rjocht op beroppen ha. Tagelyk kinne je der tsjinyn lizze dat it hjir giet om in kwestje dy't him tusken twa partijen binnen Fryslân ôfspilet.




Wêrom moat soks trochskood wurde nei Utert en kin dat net yn Ljouwert behannele wurde? Komt dat troch de konsintraasje fan de rjochtbanken? As dat sa is, dan kinne je de fraach stelle oft dy konsintraasje wol legaal is. Want der wie dochs yn de bestjoersôfspraken Fryske taal en kultuer (BFTK) fêstlein dat maatregels fan de oerheid derop hifke wurde moatte hokker konsekwinsjes dy foar it Frysk ha? Yn kêst 1.1 fan de BFTK is ôfpraat: "Ryk en provinsje sjogge derop ta dat yn alle beliedsfoarnimmens en -nota's dy't ferbân hâlde mei mêden dy't ta it wurkingsfjild fan dizze bestjoersôfspraak rekkene wurde kinne, mei achtslaan fan de bepalings yn it Europeesk Hânfêst dy't Nederlân ûnderskreaun hat, rekken hâlden wurdt mei de gefolgen foar de Fryske taal." Dat "rekken hâlde mei" is fansels in rekber begryp en dat freget om jurisprudinsje. Yn Fryslân rinne wy hieltyd faker tsjin dat soarte fan saken oan. Wat mear der sintralisearre wurdt wat minder kinne jo dêrtroch Frysk brûke. It wurdt tiid dat de beheiningen yn it brûken fan it Frysk nei oerheidsynstânsjes bûten Fryslân dy't hjir wol in taak ha, op deselde wize regele wurde as binnen de provinsje.

Undertusken hâldt de famylje de kop derfoar. Se ha deselde Fryske brief weromstjoerd mei in begeliedend brief dêr't se har beslút yn motivearje: yn in saak dy't tusken twa partijen yn Fryslân spilet moat it yn ferset gean yn it Frysk kinne. It is no ôfwachtsjen hoe't se yn Utert reagearje. Wy binne der noch net mei de lykberjochting.

*Jabik van der Bij*

oernommen út:  It Nijs



út de 'Fryske Spreukekalinder'

## Elfstedentocht 1963

In dy jannewaryweken fan '63 waren wij nõch kyndes skúfelden op houtsjes fan Nooitgedagt -met fan dy raffelege oranjebrúne feters- over de hardbefroaren kikersloatsjes fan de Kòrte Vreugde de Eenheid en de Franekerfaart

in dy dagen waanden wij oans hier op de Noardpoal

ut was werklek stervenskoud dy 18<sup>de</sup> jannewary toen we mòrensfroech om halfseuven an de Kolk bij de Waterpoart stonnen en we de elfstedenriders in ut dústere gat richting Drylts ferdwinen sagen

dy frijdachmiddachs saten we foar un roadgloeierende swarte koalekachel sagen fuur achter mikaglaskes en spookfiguren op ut behang de ouwe Grundich ston sachtjes op de nijssender

dy avens hoarden we dat ut un beestachtege tòcht weest was fan de tiendúzend riders hadden maar 136 de finish op 'e Groate Wielen haald mear doad as levend

toen sei oans fader Jacky Reen fan de Kerkhofslaan het um ok útrede

feul later fertelde Jacky dat ut un moaie dach weest was ferder wú hij der ok nyt over prate

dat deden dy Hollanders wel

*Henk van der Veer*

## Ynformaasje oare ferienings en organisaasjes

### Keatsferiening "Melle Veenstra"

foarsitter : Cees Punter  
Neuweg 179, 1214GP Hilversum 035-6236729  
e-mail: [c.punter@wxs.nl](mailto:c.punter@wxs.nl)

skriuwer : Hendrik Visbeek  
Houtrustweg 34, 8084 CD 't Harde 0525-655541  
e-mail: [h.t.visbeek@kpnmail.nl](mailto:h.t.visbeek@kpnmail.nl)  
websiteside: [www.melleveenstra.nl](http://www.melleveenstra.nl)

ponghâlder : Anneke Wijnalda - van der Kooye  
Duizendknooplaan 51, 3452AT Vleuten 030-8893764

### "It Frysk Boun om Utens"

skriuwer : Kees van der Beek  
Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo 0341-559343  
e-mail: [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)  
websiteside: [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

### "Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse"

skriuwer : Geeske J. Frieswijk, (e-mail: [selskip1844@gmail.com](mailto:selskip1844@gmail.com))  
korrespondinsje adres :  
Tineke van der Woude, Moezel 222, 9204 EM Drachten

### OANMELDE BY IT BOUN

It Frysk Boun om Utens hat yn 2023 100 jier bestien. Om dit fiere te kinnen, wolle wy graach safolle mooglik Friezen berikke. Net allinnich leden fan it Frysk Boun, mar ek famylje fan ús leden en alle Friezen om Utens dy't it Frysk en Fryslân in waarm hert tadrage. Jo kinne jo opjaan as email-stiper fan it Frysk Boun om Utens. It is fergees. As jo dat wolle, moatte jo jo namme, jo e-mail adres, jo wenplak en jo âldens opjaan fia ûndersteand webstek fan it Frysk Boun om Utens:  
[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

Special adres voor: Gerilde Omjiekoken

# DE HAAN'S BAKKERIJ

De vestige Bakkerij  
in Sneek en  
Zij dichtbij.

HOOGENDE 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

# FRYSK EN FRYSK

## YN 'E PROVINSJE

### EN EINS

### TROCH IT HELE LAN

### JO BINNE TE PLAK BÛ

# DE HAAN'S BAKKERIJ

## YN SNITS

### HEECHTEN IS

### FUORT BY DE

### WETTERPOARTE